

**Formulier foar de betsjinning fan de Hillige Doop**  
**oan de bern fan de leauwigen (I)**

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus

De leare oer de doop is sa gear te fetsjen :

Foarst :

Wy en ús bern binne ûntfongen en berne yn sûnde. Dêrom rêst de grime fan God op ús, dat sadwaande kinne wy yn it Keninkryk fan God net komme, oft it moat wêze dat wy fannijs berne wurde.

Dit leart ús de ûnderdompeling yn en de besprinkeling mei it wetter. Dêrtroch wurdt ús de ûnreinens fan ús siel foar eagen steld. Dit moat ús der ta bringe, dat wy in wjeraks fan ússels krije, ús foar God ús feroatmoedige en ús reinigjen en ús behâld bûten ússels sykje.

Twads :

De doop befêstiget en fersegelet ús de ôfwasking fan ús sûnden troch Jezus Kristus. Wy wurde ommers neffens it hjit fan Kristus doopt yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.

Wannear't wy doopt wurde yn de namme fan de Heit, ferklearret en fersegelt ús God de Heit, dat Hy mei ús in ivich ferbûn fan genede slút. Hy nimt ús oan ta syn bern en erfgenamten en sil ús dêrom fan al it goede foarsjen en al it tsjoede fan ús warre of foar ús te goede meiwurkje litte.

Wannear't wy doopt wurde yn de namme fan de Soan, fersekert de Soan ús der fan, dat Hy ús yn syn bloed wasket en reiniget fan al ús sûnden. Hy makket ús ien mei Himsels yn Syn dea en ferrizenis, dat wy sadwaande fan ús sûnden befrijd en rjochtfeardich foar God rekkene wurde.

Wannear't wy doopt wurde yn de namme fan de Hillige Geast, fersekeret de Hillige Geast ús troch dit sakramint der fan, dat Hy yn ús wenje wol en ús ta libbene leden fan Kristus meitsje wol. Want Hy eigenet ús ta wat wy yn Kristus hawwe, nammentlik de ôfwasking fan ús sûnden en de deistige fernijing fan ús libben. Sa sille wy by einssluten folslein suver yn it ivige libben in plak ûntfange yn it midden fan de gemeente fan de útkarden.

Trêd :

Meidat elk ferbûn twa dielen hat, nammentlik in ûnthjit en in eask, wurde wy troch God yn de doop ek roppen en ferplichte ta in nij hearrich wêzen. Dat betsjut dat wy dizze ienige God, Heit, Soan en Hillige Geast, oanhingje, fertrouwe en leaf hawwe mei ús hiele hert, mei ús hiele siel, mei ús hiele ferstân en mei al ús krêften. It betsjut ek dat wy mei de wrâld brekke, ús âlde natuer deadogge en godfrezend libje.

En wannear't wy somtiden út swakkens yn sûnde falle, moatte wy net wanhoopje oan Gods genede en allikemin yn ús sûnden lizzen bliuwe. Want de doop is in segel en in folslein betrouber tsjûgenis dat wy in ivich ferbûn mei God hawwe.

Lytse bern begripe dizze dingen lykwols net. Mar wêrom soenen wy har fan 'e doop útslute ? Yndie, sûnder dat se it witte, binne se bern fan ús en dus ek fan 'e earste minske, Adam. Se hawwe diel oan 'e feroardieling, dy't Adam oer him helle hat. Mar se wurde fanwegen de Twadde Adam -- Jezus Kristus -- troch God ek wer yn genede oannommen, ek sûnder dat se it witte. Al tsjin Abraham, de heit fan alle leauwigen, sei God : "*Ik gean myn ferbûn oan tusken My en dy en dyn neiteam, it iene geslacht nei it oare, in ivich ferbûn, dat Ik de God fan dy en fan dyn neiteam wêze sil*". (Genesis 17 : 7)

Dat sei letter ek Petrus : "*Want foar jimme is de belofte en foar jimme bern en foar alle gearre, dy't om fierrens binne, safolle as de Hear ús God der mar by ropt*". (Hannelingen 2 : 39)

Dêrom hat God Abraham, ûnder it âlde Ferbûn, hjitten, de jonkjes yn syn neiteam besnije te litten as in besegeling fan it niisneamde ferbûn. Dizze besnijing wie in segel fan it ferbûn en fan de rjochtfeardigens fan it leauwe. En Kristus hat sels de bern omearme, de hannen oplein en segene. En de âlders binne ferplicht harren bern by it grut wurden harren doop begripe te learen.

*Litte wy no Gods hillige namme oanroppe, om sa ta Syn eare, ta fuortsterkjen fan ús leauwe en ta opbou fan de gemeente dit sakramint te betsjinjen.*

Almachtige en ivige God,

Yn it ferline hawwe Jo neffens in rjochtfearlich oardiel de ûnbekearlike wrâld straft mei de grutte wetterfloed, mar de leauwige Noäch mei syn húshâlding hawwe Jo yn jo barmhertigens sparre. Jo hawwe de ferhurde Farao mei syn leger yn 'e Reidsee ferdrinke litten, mar Jo folk Israel dêr mei droege fuotten trochhinne laat. Dêrmei hawwe Jo ús minskdom doedestiids al oantsjut, wat letter de hillige doop wurde soe.

Wy pleitsje op jo grûnleaze barmhertigens :

Wolle Jo dit bern fan Jo yn genede oansjen en troch jo Hillige Geast ynplantsje yn jo Soan Jezus Kristus. Lit him mei Jezus begroeven wurde yn Syn dea en mei Him opstean ta in nij libben. Lit him syn krús al syn libbensdagen mei in blier hert achter Jezus oandrage. Jou, dat er it dwaan sil mei in hecht betrouwen, fêste hope en waarme leafde. Lit him mei jo fertreasting dit libben (dat in linkendewei stjerren is) ferlitte. Lit him op 'e jongste dei, sûnder te skriljen, foar de rjochterstoel fan syn Heilân ferskine meie. Mei dat sa wêze troch jo Soan, ús Heilân en Hear, Jezus Kristus. Dy 't regearret mei Jo en de Hillige Geast as de iennichste, ivige en alderheechste God yn ivichheid. Jo komt de lof ta foar jimmer. (Amen.)

*Beminden yn de Heare Kristus,*

Jimme hawwe heard dat de doop troch God ynsteld is om oan ús en ús bern syn ferbûn te fersegeljen. Dêrom moatte wy dit sakramint mei dat doel en net út wenst of byleauwe brûke. Om no dúdlik blike te litten, dat jimme sa de doop begearje, hearre jimme op de folgjende fragen planút in antwurd te jaan :

Foarst :

Belide jimme, dat ús bern, hoewol't hja yn sûnde ûntfongen en berne binne en dêrom oan fan alle ellinde, ja sels oan it ivich oardiel ûnderwurpen, dochs yn Kristus hillige binne en dêrom as leden fan syn gemeente doopt hearre te wêzen ?

Twads :

Belide jimme, dat de leare fan it Alde – en Nije Testamint, dy't yn de Apostolyske Leauwebelidenis gearfette is, en hjir yn de kristlike tsjerke leard wurdt, de wiere en folsleine leare fan de ferlossing is ?

Trêd :

Unthjitte jimme, dat jimme dit bern, dêr't jimme de heit en mem fan binne, by it grut wurden yn dizze leare, nei bêste kinnen, ûnderwize sille en ûnderwize litte ?

Wat is dêr jimme antwurd op ?

(Antwurd : ) Ja.

(De foargonger neamt de folsleine namme (foarnammen) en eventueel de achternamme fan de dopeling, en sprekt : )

Ik doopje dy yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.

*Tankgebedens*

Almachtige, barmhertige God en Heit, wy tankje en priizgje Jo, dat Jo ús en ús bern troch it bloed fan jo leave Soan Jezus Kristus al ús sûnden ferjûn hawwe en ús troch jo Hillige Geast ta leden fan Jo iennichstberne Soan en sa ta Jo bern oannommen hawwe. Wy tankje Jo, dat Jo ús dit mei de doop fersegelje en bekrêftigje. Wy bidde Jo ek troch Him, Jo leave Soan, dat Jo dit bern troch Jo Hillige Geast duorjend regearje wolle, dat it sadwaande kristlik en godfrezend grut brocht wurdt en yn de Heare Jezus Kristus waakse en opgroeie sil. Jou dat it sa, as in heit, oan dit bern en oan ús allegearre, Jo goedens en barmhertigens bewiizgje hawwe, erkenne en belide sil. Jou dat it ús iennichste Learaar, Kening en Hegepreester hearrich wêze wol, en krêftich tsjin de sûnde, de duvel en syn hiele ryk stride en oerwinne sil. Dan sil it Jo en Jo Soan Jezus Kristus en de Hillige Geast, de iennichste en wiere God, ivich loovje en priizgje. (Amen.)